



29708

# **WA WOL BEPPE HA?**

**(Die grossmutter wird ferkaaft)**

**In komeedzje yn trije bedriuwen**

**fan**

**K. RITTER**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die dit stuk gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur te vermelden. De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd. Direct daarop volgend de titel van het stuk. De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

### **Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt. Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau

### **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) / Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van bundel bij de uitgever inclusief recht voor 10 opvoeringen.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**



## **PERSOANEN:**

BEPPE

HANNES NIJDAM - boer.

HANS - syn soan.

STYN - tsjinstfaam.

RYPKEMA - boer.

KUNE - syn frou.

ANNE - harren dochter.

KOERT - boerefeint.

## **PLAK FAN HANNELING:**

Earste bedriuw spilet by boer Nijdam.

Twadde en tredde bedriuw spilet by boer Rypkema.

## **TOANIEL:**

Goed ûnderholden mar wat earmoedige húskeamer by Nijdam. De algemiene tagongsdoar is linksfoar. Linksachter stiet in kachel mei in bank en sa. Tusken de doar en de kachel is in planke mei boarden. Yn de achterwand in finster dat iepen stiet. Deun dêrneist grutte learen stuollen. Rjochtsfoar de doar nei de oare fertrekken.

## EARSTE BEDRIUW

*(it is moarns ier en de sinne skynt. Nijdam, in rêstige fyfiger, trêdet mei de hannen op de rêch de keamer op en del. Styn, 30 jier, sterk, stiet ûnferweechlik koppich foar de doar links)*

**NIJDAM:** *(bliuwt foar har stean)* Ik wit it noch altyd net, wêrom wolst fuort?

**STYN:** Ik sei ommers al, soks moatte jo my net freegje.

**NIJDAM:** Do bist hjir no al twa jier by ús op 'e pleats. Wy ha it altyd goed fine kinnen tegearre en no soest der ynienen útnaaie?

**STYN:** Ja, dat sil ik en dat doch ik ek.

**NIJDAM:** En ik mei net freegje wêrom?

**STYN:** Kloppet!

**NIJDAM:** Hiest klachten oer 't iten?

**STYN:** Seker net! Sjoch mar nei myn speklaach. *(kloppet op har achterste)*

**NIJDAM:** Wurdt it wurk dy tefolle?

**STYN:** Dan wie 'k allang opstapt.

**NIJDAM:** Fertsjinnest te min?

**STYN:** Dat is oeral te min.

**NIJDAM:** Yn 'e goedichheid, wat doocht der **dan** net?

**STYN:** Dat sis ik net omdat jo oars poerrazen wurde.

**NIJDAM:** Unsin! Sis it mar. Wat stiet dy net oan? Mooglik kin ik der wat oan dwaan. Dit is gjin manier fan dwaan, alles lizze litte en der dan útnaaie as in hazze foar in jachthûn.

**STYN:** Ik gean ek net graach, mar ik moat wol.

**NIJDAM:** Hoesa moatte?

**STYN:** Ik freegje driuwend oft ik hjoed noch opstappe mei. Ik hâld it hjir net langer út.

**NIJDAM:** Wa sit dy dan dwers, ikke?

**STYN:** Nee, jo net.

**NIJDAM:** Hans?

**STYN:** Dy ek net.

**NIJDAM:** Hat beppe...

**STYN:** *(nei in stilte, grimmich)* Dat loeder, dy hekse!

**NIJDAM:** Aha! Sy is de stikel yn de foet.

**STYN:** Ik hie it net sizze wollen, omdat jo altyd sa'n gesicht lûke at ien wat seit oer dat âlde mins. Mar ik wit mar al te goed hoe't se my de ôfrûne twa jier narre hat.

**NIJDAM:** En do har net?

**STYN:** Ikke? Ik lit net oer my hinne rinne. Hie 'k faaks altyd de mûle

tichthâlde moatten?

**NIJDAM:** Och, âlde minsken binne krekt lytse bern. Somtiden moastst wol es in each tichtknipe.

**STYN:** Ik knyp al twa jier allebeide eagen ticht, mar dat is no ôfrûn, ik gean fuort!

**NIJDAM:** Wat hat se no wer úthelle?

**STYN:** In deade mûs. Hat se justerjûn yn myn bêd stoppe.

**NIJDAM:** (*laitsjend*) In deaden ien? No sjochst hiel krekt hoe dom at se is. Minsken mei in bytsje ferstân hiene der in levende mûs ynstoppe.

**STYN:** Jo ha gelyk, hâldt har mar wer de hân boppe de holle! It ynteressearret my trouwens net mear, want in gean doch fuort.

**NIJDAM:** Praat gjin ûnsin Styn. Om in mûs hoechst net fuort te gean.

**STYN:** It is net allinne om dy mûs. Dat wie allinne de drip dy't de amer oerrinnen die. Dat âlde mins hat my gjin tel mei rêst litten. Daliks al, doe't ik hjir yn tsjinst kaam, hat se myn sneinske skuon oan de flier fêstspikere. Dat wie har wolkom. En dêrmei begûn it pas goed. In knoarre kweajonges krije yn ien jier tiid net safolle foarelkoar as sy yn ien dei!

**NIJDAM:** (*klaut him achter it ear*) Jaja, se giet somtiden wol hiel fier. Ik kin 't my hast net yntinke dat se it allinne op dy fersjoen hat. Sa no en dan bin ik ek oan de beurt! En Hans ek. Of tinkst dat ik juster sels it slaad klearmakke ha mei brânsperitus?

**STYN:** Sels at ik oan 't wurk bin, kin se it net litte. Se sit altyd achter my oan. Se wit alles better en it giet har allegear fierstente stadich. En wat se net stikken makke hat! At ik jo west hie, hie ik har allang yn in fersoargingshûs opburgen. Mar ik kin jo dit wol sizze, at jo noch langer wachtsje, binne jo der earder as sy.

**NIJDAM:** Do sitst der net fier neist.

**STYN:** Gean no es nei. Is it no echt noadich, dat jo dat mins jo hiele leven op jo board ha moatte?

**NIJDAM:** Dit is in dreech gefal. Doe't ik mei myn frou, God hat har siele, troude, krige ik beppe der by as houlikskadootsje en dêrom kin ik har der net samar útsette.

**STYN:** Jo kinne it krije sa't je it ha wolle. Om my sette jo har ûnder in glêzen stolp. Dus, hoe sit it? Kin ik fuort of net?

**NIJDAM:** Moat it no sa hastich?

**STYN:** Hoe hastiger hoe better, oars brek ik har aansens yn twaën.

**NIJDAM:** (*ôfwarrend*) Yn de goedichheid, dat net! Dan ha ik twa beppes. Gean mar, atst it by ús noait nei 't sin hân hast, sil ik dy net tsjinhâlde. Mooglik komst der noch op werom.

**STYN:** Ik kom der net op werom, mei in healoere bin ik fuort.

**NIJDAM:** Hast al wat oars?

**STYN:** Ik fyn wol wat, al is 't tsjintwurdich net maklik. En jo jouwe my fansels wol in goed tsjûchskrift mei?

**NIJDAM:** Rekkenje dêr mar op. Dat hast wol fertsjinne.

**STYN:** Dan sil ik no de koffers pakke.

**NIJDAM:** (*mismoedich*) Soest beppe der ek dalik mar net by ynpakke?

**STYN:** Ik soe der dalik in adressticker opplakke en de koffer streekrjocht nei de hel stjoere. (*ôf*)

**HANS:** (*in fleurich feintsje yn wurkklean komt links op. Hy smyt, sagau't er der ynkomt, lulk de hoed oer flier*) En no bin ik it sa sêd as grot!

**NIJDAM:** No, no. Wat hat dy hoed misdien? (*krijt de hoed fan de flier, kloppet him ôf en hâldt him beet*)

**HANS:** Dit is sa gjin dwaan mear mei beppe. Se moat yn 'e hûs bliuwe en har mei 't iten bemuoie. Ik dol de ierdappels sels wol ut de grûn.

**NIJDAM:** Wat docht se? Ierdappeldolle?

**HANS:** Ha jo har stjoerd om my te helpen?

**NIJDAM:** Ikke? Nee.

**HANS:** (*lilk*) Wat wol dat mins dan? Komt se mei in skeppe oansetten en ropt: Wachtsje Hans, ik help dy, dan giet it folle flugger. Se spuit yn 'e hannen en rûtst de ierdappels sa yn twaën.

**NIJDAM:** (*smyt de hoed oer de fier*) Ik ha skjin myn nocht!

**HANS:** (*krijt de hoed fan de fier en kloppet him soarchsum*) Ik ha al salang myn nocht.

**STYN:** (*is yntusken opkommen*) Mar ik it meast. Aldergelokkichst sit ik net oan har fêst en at ik my al peste litte wol, moat dat op syn minst troch in fint weze. (*rjochts ôf. Hans sjocht syn heit freegjend oan*)

**NIJDAM:** Styn hat opsein.

**HANS:** Styn? Wêrom dat?

**NIJDAM:** Fanwege beppe.

**HANS:** (*smyt de hoed wer oer de flier*) Sjogge jo no wol? Der giet ús ienige help dy't it langer as fjirtjin dagen útholden hat by dat misliksma!

**NIJDAM:** (*krijt suchtsjend de hoed fan de flier en kloppet him ôf*) Och ja, 't is in krús.

**HANS:** It is jo eigen skuld!

**NIJDAM:** (*smyt wer de hoed oer de flier*) Alderferskuorrendst noch oan ta! Krij ik hjoed alles oer my hinne? Kin ik it helpe dat se geboaren is?

**HANS:** (*krijt de hoed fan de flier en kloppet him ôf*) Nee dat net, mar dat se hjir op 'e pleats hokket, minsken stapelgek makket en de saak yn 't hûndert rinne lit, is wol jo skuld. Ik soe neat sein ha, at se op har eigen plakje bleaun wie, yn de keuken en har nergens oars mei bemuoide. Mar der is neat dêr't se har net mei bemuoit, se rint je ivich en altyd foar de fuotten en wat se yn de hannen krijt giet stikken! En at se in kâns sjocht om in streek mei dy út te heljen, sil se it net neilitte! (*smyt de hoed oer de flier*) God noch oan ta, dit raast oan 'e stjerren!

**NIJDAM:** (*krijt de hoed fan de fier en stoffet him ôf*) Wêrom smytst dy hoed hieltyd oer de flier? Tinkst dat er dêr skjinner fan wurdt?

**HANS:** Dy is fan beppe.

**NIJDAM:** O. (*slingert de hoed mei in grutte bôge yn de hoeke fan de keamer*)

**HANS:** Ik ha har de hoed ôfpakt yn de hoop dat se my achternei komme soe en de ierdappels gewurde litte soe. Se makket no ierdappelpuree fan de hiele bou.

**NIJDAM:** Ik byn har de bannen mei tou oanelkoar.

**HANS:** Der is mar ien ding dat helpt, se moat hjir wei.

**NIJDAM:** Dat soe yndied de baas wêze, mar ik kin it net oer it hert krije.

**HANS:** Jo binne in swakkeling. At ik de baas west wie, hie ik it allang regele.

**NIJDAM:** Do hoechst allinne mar te trouwen en de hiele boel is foar dy, dêrnei kinst mei beppe dwaan watst maar wolst, want beppe heart by de ynventaris.

**HANS:** Allinne dêrom soene je al hast om in frou útsjen.

**NIJDAM:** Do hoechst net salang om dy hinne te sjen, want ik ha al ien foar dy útsocht.

**HANS:** Dy hoech ik net.

**NIJDAM:** Klets net. Do kenst har net iens.

**HANS:** Ik ha al sein dat ik net trou salang't ik ien net fan jouwer oant grôt ken.

**NIJDAM:** Wêrom sa koppich? Ik sis dy dat se dy prima foldwaan sil, my yn elk gefal wol. Ik ha har noch noait sjoen, mar Rypkema jout har in moai hantsje fol jild mei. En wat kinst in famke no better meijaan as in grutte sek mei jild?

**HANS:** Jaja, dat soe moai wêze foar de buorkerij fansels, mar ik wol bûten dy sek mei jild ek in boerinne ha mei wa't ik in noflik leven ha kin.

**NIJDAM:** Do wolst wol in hiel soad ynienen! At se aardich wat meikrijt makket it neat út hoe't se der útsjocht. Deis bist net thús en nachts



is it tsjuster.

**HANS:** Heit, der falt net oer te praten. Ik ha neat op it houlik tsjin, mar ik sykje sels wol út mei wa't ik trou.

**NIJDAM:** Do litst my doch net foar peal stean wol? Ik ha dúdlik mei Rypkema ôfpraat datsto Anne nimst. Dat ha wy beide moai regele.

**HANS:** Mar tusken dy Anne en my is der neat ôfpraat. Trouwens, wat betsjut dit? Dy nije freonskip mei Rypkema? Ik ha noch noait fan de man heard, wa is dat eins?

**NIJDAM:** Ik hie him yn jierren net sjoen, om't er hjir in moai wei wennet. Echt goed befreone binne wy eins noait west, it is in rûgen ien dy't foar in kwartsje de duvel út de hel hellet. Mar in setsje lyn bin ik him tsjin 't liif rûn op 'e hynstemerke en hy die krekt as wiene wy de bêste freonen. Hannes, sei er, at ik dy no net tsjinkommen hie, wie ik moarn by dy delkaam. Us bern moatte mei-inoar trouwe.

**HANS:** Dat hat er moai betocht.

**NIJDAM:** As wie 'k in heale geare, sa ha 'k him oansjoen. Hy hat sels noch noait wat fan him hearre litten en no woe er samar ynienen famylje fan my wurde! Wylst er net iens wit datst fan my neat oars krijst as in buorkerij mei in soad skulden?

**HANS:** Heit, der stjonkt wat.

**NIJDAM:** Dat tocht ik earst ek, mar der stjonkt neat. By in slokje sei er dat syn frou útsjocht nei in man foar Anne en dat se dalik al in hiele rits manlju wist dy't by Anne passe soene. Om't frou Rypkema der net útkomme koe oan wa't se har dochter keppelje soe, hat se alle fammen op in bryfke set en yn in hoed dien. Se hat plechtich tasizze moatten dat dyjinge dy't Rypkema út de hoed lûke soe, Anne krige. Dat soe in fingerwizing út de himel wêze, sei se.

**HANS:** Wat hellet dat mins har yn 'e holle.

**NIJDAM:** Mei-inoar wiene it trettjin briefkes. Dat betsjutte ûngelok en doe sei se tsjin har man dat hy as de bliksem soargje moast foar noch in namme, no, en Rypkema koe sa gau gjin oare namme betinke as dy fan dy, dus hat er dyn namme yn de hoed dien. En witst hokker namme er út de hoed tsjoende?

**HANS:** (*drûch*) Dy fan my fansels.

**NIJDAM:** Krekt! En dêrom krijsto de moaie Anne!

**HANS:** Soa, en dat mearke leauwe jo samar?

**NIJDAM:** Do tinkst dat Rypkema liicht? Hokker reden soe er oars ha om syn Anne by ús achter de doar te krijen? Der is by ús ommers neat te heljen, hielendal neat!

**HANS:** En ik sis dat it stjonkt.

**NIJDAM:** (*oeral*) Dyn heechmoed stjonkt! (*wanhopich*) Leave santjin, no smyt ien it gelok samar op dyn boardsje en do grypst it net?

**HANS:** Wat soene jo dwaan at ien wat op jo board smiet, mar jo earst de blyndoek foardocht? Dan kin der likegoed in sûkerbyt as in bret hintsje op lizze.

**NIJDAM:** Rekkenje mar dat it in hintsje is. Soppich jong fleis, wa't der mar yn bite wol.

**HANS:** Ha jo dat hintsje dan al sjoen?

**NIJDAM:** Nee, Rypkema hat my hiel krekt útlein hoe't se der útsjocht.

**HANS:** Rypkema foar en Rypkema nei! Wêrom stjoert er har hjir net hinne at it sa'n kreas bern is?

**NIJDAM:** Ja, kom no! Sûnt wannear is it de gewoante dat in famke by in onbekende jonge op besite giet?

**HANS:** Oh, jo woene sizze dat ik in boskje blommen yn de hoed stekke moat en in hiele reis ûndernimme moat om de breid te besjen? Dan sille do en dat hintsje wol hiel lang wachtsje moatte.

**NIJDAM:** (*lilk*) Goed jonge, dan silst sels ek hiel lang wachtsje moatte op de buorkerij. Al wurd ik ek like âld as Methusalem, do krijst him net! No witst it mar. (*rinkeljend glês achter it toaniel*) Wa fernielt dêr no yn fredesnamme wer in rût!?

**BEPPE:** (*yn de santich, earmoedich yn'e klean, komt op fan links, in skeppe op de skouder, fyn laitsjend. De yndruk dy't se uterlik makket moat net begrutlik wêze, earder grappich*) Ikke! Ik ha de skilder al salang gjin wurk besoarge.

**NIJDAM:** Binne jo dan allinne mar op de wrâld kaam om de boel te fernielen?

**BEPPE:** (*noch hieltyd rêstich*) Hoesa? Ha ik dan al earder wat stikken makke?

**HANS:** (*hat de gek der mei*) Wolnee! Jo binne it ingeltsje hjir yn 'e hûs.

**BEPPE:** Ha jim dan noait es in rût stikken makke? (*wachtet it antwurd net ôf*) No, sjochst wol? (*leit út wat der gebeurde*) Ik rûn by de sydkant fan it hûs lâns, frou Berger hobbele achter my oan. Se glidet út, jout in gjalp, ik draai my om... (*makket ynienen in draai en feecht mei de skeppe de boarden fan de planke achter har*) Leit it rût al oer de grûn!

**NIJDAM:** (*raast*) Jo ramme noch es de hiele pleats ynelkoar minske! (*wiist nei de diggels*) Sjoch no es oan wat je dien ha!

**BEPPE:** (*laket lûdop*) Wat in grap! No fertsjinnet de galanterywinkel ek noch wat!

**HANS:** Is it faaks de nijste moade om mei in smoarge skeppe de keamer yn te kommen?

**BEPPE:** Ik wol jim allinne mar sjen litte hoe't it mei dat rût gien is.

**NIJDAM:** (*pakt har de skeppe ôf*) Jou op, oars sjoch ik jo noch mear

femielen. (*smyt de skeppe nei links*)

**BEPPE:** (*giet sitten*) No bin ik doch wol wurch hear.

**NIJDAM:** Fan it ierdappeldollen tink?

**BEPPE:** Ja, ik ha der in stik of wat úthelle, mar sit der mar net oer yn, der sitte noch wol in pear yn de grûn woe 'k sizze.

**HANS:** (*triuwt Nijdam oant foar beppe*) Sa, en no prate en de boel regelje.

**BEPPE:** Dat soe hielendal net sa gek wêze. (*wiist nei de fernielde boarden*) Of woest wachtsje oant de rommel fansels de keamer út kuiert?

**NIJDAM:** (*skreut*) Moat ik jo troep ek noch opromje!

**BEPPE:** Dat soe de baas wêze. Sis mar tsjin Styn dat se it ferdwine litte moat.

**HANS:** Styn ferdwynt sels.

**BEPPE:** Wat docht se?

**NIJDAM:** Se hat opsein en giet hjoed noch fuort.

**BEPPE:** (*optein en ferbjistere*) Tsjonge noch ta, dy Styn. (*docht de hannen gear en sjocht omheech*) Dat ik dit noch meimeitsje mei! Wêrom giet se hjir wei?

**HANS:** Omdat jo har net mei rêst litte kinne,

**BEPPE:** Ikke? Wat mient se wol net, dat domme bern .

**NIJDAM:** Je litte har gjin momint mei rêst at se oan 't wurk is en dat dogge jo mei opsetsin.

**BEPPE:** Sjoch es oan, beppe is wer de sûndebok.

**HANS:** Neat sûndebok! Gjinn mins hâldt it by jo út!

**BEPPE:** Soa, dat is dus dyn tank dat ik dy by it ierdappeldollen holpen ha.

**NIJDAM:** Jo hoege him net te helpen.

**HANS:** En allinne doch ik it folle better en ek flugger.

**BEPPE:** (*prulet*) Goed, bêst. Tenei reitsje ik gjin ark mear oan.

**NIJDAM:** Ik bin bliid dat jo der sa oer tinke, beppe. Al wol ik wol leauwe dat jo ús graach helpe wolle.

**BEPPE:** Sis mar neat mear. Al is der noch safolle wurk te dwaan, ik stek gjin klau mear ut.

**NIJDAM:** En no't wy doch dwaande binne om de saak op oarder te krijen, sis ik jo daliks ek mar dat it út wêze moat mei dy streken fan jo.

**BEPPE:** Watfoar streken?

**NIJDAM:** Styn in mûs yn't bed stopje, de slaad oanmeitsje mei spiritus bygelyks. Soks dogge jo doch net?

**BEPPE:** Och nee wol? At je neist it wurk net iens in bytsje wille meitsje meie, bêst hear. Tenei is it út mei de fermaaklikheden. Jim

fertsjinje net better.

**NIJDAM:** Begryp my goed, beppe...

**BEPPE:** Ik begryp dy hiel goed, jonge. Tenei hoechst neat mear te ferwachtsjen dêr'tst om laitsje kinst.

**HANS:** Dat ha we oant hjoed ta ek net hân.

**NIJDAM:** At der mar vrede yn 'e hûs is, mear hoege wy net.

**HANS:** Kofjedrinke, de krante lêze en miggen fange is mear as genôch.

**BEPPE:** (*sjocht op de klok*) It is no tsien oere. Om healwei alven ha jim in beppe dy't jim jim altyd al winske ha.

**NIJDAM:** Wêrom krekt om healwei alven?

**BEPPE:** Omdat ik earst noch wat mei Styn ôfhannelje moat. Sa, en no ha ik toarst. Mei ik in flesse druvesop út de kelder helje? Of mei in âld minske gjin toarst ha.

**NIJDAM:** Helje mar ien op. Ik ha jo noch noait foarrekkene wat jo allegear iten en dronken ha.

**BEPPE:** (*rint nei rjochts, sjocht de hoed op de flier lizzen, krijt him op, tsjin Nijdam*) Koest gjin better plak fine foar dy hoed?

**NIJDAM:** Dat is doch jo hoed dy't Hans meinommen hat?

**BEPPE:** Minen? Nee hear, dy hoed is net fan my. Ik ha him opset doe't ik minen net fine koe. (*hinget de hoed oan in spiker*)

**NIJDAM:** Fal net fan it kelderstrepke!

**BEPPE:** Dat doch ik wis net by 't nei ûnderen gear, mooglik wol at ik nei boppen kom. Wat ite wy fan 'e middei?

**NIJDAM:** Soerkoal mei woarst.

**BEPPE:** (*sjongt*) Juster hienen wy meager spek. Dat plakte my fêst oan de bek. Krij ik it hjoed noch foar myn keunstgebit. Rekkenje mar dat ik net oan tafel sit. (*ôf*)

**HANS:** It sil my nijdwaan wat se tusken no en healwei alven allegear útfrette sil.

**NIJDAM:** Hielendal neat! Dêr sil ik goed om tinke.

**HANS:** En ik bin ek nijsgjirrich nei wat wy nei healwei alven beleve sille. Se sil wol gjin rêst bringe.

**NIJDAM:** Dan flijocht se der ut! Dan mei se om my oeral wol hinnegean, mar ik tink net dat se it ergens lang úthâlde sil.

**STYN:** (*op, klear om fuort te gear, lyts kofferke yn de hân*) Sa, ik bin safier. It giet jim allegear mar goed.

**NIJDAM:** Giest echt fuort? Beppe hat ús niiskrekt tasein dat se har fierdersoan goed hâlde en drage sil. Wolst it noch net es fjirtjin dagen besykje?

**STYN:** Leaver net. In foks ferliest wol syn hier, mar net syn streken. En it is net allinne fanwege dat mins. Mei de buorkerij giet it allinne

mar by de berch del en it sjocht der net nei út dat it better wurdt. At it sa trochgiet is der mei in pear jier gjin dakpanne mear fan je sels en foar in tsjinstfaam is dat gjin bêste reklame at se sizze: "Do komst fan in buorkerij dy't gjin sint mear wurdich is". Sa, no witte jim it. En no gean ik fuort.

**HANS:** Der sille doch ek wol meiwurkers wêze dy't net earder by in sike buorkerij weigean as dat dy wer hielendal sûn is.

**STYN:** Dêr ha se dan fêst gjin beppe hân dy't fan moarns ier oant jûns let yn it fleske mei medisinen spuit.

**NIJDAM:** Goed, bêst, it is klear en út. At wy dy net tsjinhâlde kinne, gean dan mar.

**BEPPE:** *(op mei in glês druvesop)* Dus aansen is der in ko minder op 'e buorkerij. *(giet op de bank sitten en drinkt)*

**STYN:** Mar de baarch bliuwt!

**BEPPE:** Godskes Styn! Do moastst bliuwe, dat besparret de boer in hiemhûn!

**STYN:** No hearre jim noch krekt even wat ik sels op it alderlêste stuit noch fan har te fernearen ha.

**HANS:** Beppe! Lit dat!

**BEPPE:** Wêrom? Is it dan al healwei alven?

**STYN:** En hoe sit it mei myn tsjûchskrift? Ha jo it al klear?

**BEPPE:** Asjebleaft, Hannes, lit my dat tsjûchskrift skriuwe!

**NIJDAM:** Gjine tinken oan, dat is myn wurk. Ik ha 't noch net skreaun, mar it is sa klear.

**STYN:** *(hellet in stik papier út de bûse en jout it oan Nijdam)* Ik ha hjir al even opskreaun hoe't ik it graach ha wol. Dan hoege jo dêr de holle net oer te brekken.

**NIJDAM:** Ik kin eins oars neat betinke as: Een jonge meid... *(lêst)* Ik verklaar hierbij, dat Styn Lemstra mij twee jaren lang trouw, eerlijk en ijverig gediend heeft. Niets was haar teveel.

**BEPPE:** Utsein dan foldwaande sju yn de stampot.

**NIJDAM:** Sa kin't wol wer net! *(lêst)* Ik laat haar slechts vertrekken omdat zij niet met het bedrijf ten onder wil gaan en kan alleen maar zeggen: alle lof voor Styn Lemstra!

**BEPPE:** Jûchhei foar Styn, o sa tefreden mei harsels!


**HANS:** Ik bin ek hiel tefreden oer har!

**NIJDAM:** Ien momint noch, Styn, ik sil it daliks opskriuwe. Hans, kom even mei. *(rjochts ôf)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**